

Underwerp: Jou ús de romte

Ljouwert, 4 maaie 2021,

Rju achte ynformateur,

Nederlân hat in grut tal útdagingen. Klimaat, enerzjytransysje, wenjen, bioferskaat, de stikstof-problematyk, mar ek it ophelpen fan de ekonomy nei de COVID pandemy. Wy sjogge in tanimmende oandacht foar de regio. Nei de regio wurdt sjoen om in bydrage te leverjen oan dy majeure opjeften, en dat is terjochte. As grutste regionale partij fan Nederlân sûnt 1962, freget de Fryske Nasjonale Partij (FNP) de romte om op eigen wize, passend by it karakter fan de provinsje Fryslân, in bydrage te leverjen oan tal fan ûnderwerpen. De FNP freget omtinken by de ûnderhannelingen foar regionale útdagingen. Sosjaal geograaf Floor Milikowski joech har boek de titel *'Een klein land met verre uithoeken'*; wy hawwe it graach oer de *'skjintme fan it ferskil'*.

Berikberens

Fryslân hat op it gebiet fan berikberens en wenjen in pear útdagingen. Mei in eigen struktuer fan alve stêden en mar leafst fjouwerhûndert doarpen is it **iepenbier ferfier** fan grut belang. In studintestêd as Ljouwert moat fanút de doarpen goed berikber wêze en bliuwe. Dat is fan grut belang om de jongerein foar de lokale mienskippen te bewarjen. Fryslân is gjin Amsterdam, Utert of Rotterdam dêr't alle fiif minuten in ferbining mei it iepenbier ferfier beskikber is. Wy pleitsje dan ek foar in ekstra ryksbydrage om ek nei COVID-19 yn te setten op in minimaal lykweardige ov-konsesje. Foar bettere berikberens soe in **ferhastiging fan bestand spoar** nei de rest fan Nederlân ek ien fan de prioriteiten wêze moatte. Wy freegje mei klam oan it nij te foarmjen kabinet om by de mooglike ynfiering fan it **rekkenriden** rekken te hâlden mei regionale ferskillen. Ien taryf foar Nederlân sil grutte gefolgen hawwe foar automobilisten op it plattelân dy't gemiddeld gruttere ôfstannen ôflizze moatte en minder ferfiersalternativen hawwe.

Romtlike ûntjouwings

De rop om in 'Ministearje fan Folkshúsfesting en Romtlike Oardering' op 'e nij yn te fieren begripe wy, mar jubelje wy net ta. Mei de Nasjonale Omjouwingsfyzje is it ramt foar de lanlike romtlike ûntjouwing sketst. In provinsje as Fryslân lit sjen dat hy de regy oer it romtlik belied prima sels oan kin. Sûnder dat dêrby it lânskip grutskalich oantaast wurdt, wurkje wy oan de **enerzjytransysje**. Wy freegje de nije regearing mei klam om op basis fan frijwilligens en realisme ús dêryn ús eigen paad kieze te litten. Yn Fryslân hat it opwekken fan waarmte mei akwatermy grutte potinsje. Wy wolle dé **akwatermy**-provinsje fan Nederlân wêze, en freegje dêrfoar om stipe fan de nije regearing.

Ekonomyske struktuer

It MKB is sterk fertsjintwurdige yn Fryslân, mei in hiel soad **famyljebedriuwen**. Op it stuit jildt by ferstjerren de **bedriuwsopfolgingsfasiliteit**. Publikaasjes yn de media wize derop dat dy frijstelling yn de suksesjewet ferdwine sil. Foar de bedriuwsopfolging fan famyljebedriuwen sil it weifallen fan dy fasiliteit gâns in oanslach op de likwiditeitsposysje betsjutte. Mei it each op de mindere finansjele situaasje as gefolch fan de koroana-pandemy, liedt dat ta in ekstra lêsteferswierring dy't it **takomstperspektyf** foar benammen famyljebedriuwen fermindert.

Omskeakeling fan de lânbou

Lânbou en Fryslân binne al iuwenlang in sterke kombinaasje. Wy sjogge graach dat de line yn de rjochting fan **natuerynklusive en sirkulêre lânbou**, dy't troch it foarige kabinet ynset is, trochset wurdt. De sektor moat perspektyf bean wurde, mei **nije fertsjinstemodellen** en men moat **ophâlde mei it skealike polarisearjen** oan beide kanten fan it spektrum. Op wei nei de omskeakeling fynt de nije regearing yn de FNP in regionale bûnsmaat.

Dêrneist freegje wy spesifyk oandacht foar it **behâld fan de greidefûgels**. Wy roppe it nije kabinet op om hurd yn aksje te kommen rûnom it *'Aanvalsplan Grutto'* fan âld minister Winsemius. It is fan grut belang om de goede betingsten te skeppen yn de griene omjouwing, mar der moat ek mear romte komme foar **predaasjebehear**. Fryslân hat in sterke struktuer mei frijwilligers dy't oan nêstbeskerming en neisoarch dogge. Spitich genôch liket ek dit jier wer mei troch de predaasjedruk in nij djiptepunt berikt te wêzen. Nije regearing, kom yn aksje!

Fierder freegje wy omtinken fan de nije regearing foar de problematyk fan de **fundearingskskea dy't ûnder oare troch pealrot** ûntstiet yn ús **feangebieten**. De nije regearing wurdt frege mei ús provinsje te ûndersykjen binnen de **Europeeske Green Deal en it Nasjonale Klimaatakkoart** hoe't dy problematyk oanpakt wurde kin. De gefolgen troch fersakking soene op termyn wolris krekt like slim wurde kinne as dy troch de gaswinning yn Grinslân. Dat probleem spilet yn alle feangreideprovinsjes fan Nederlân. De kosten om te skea te ferhelpen driigje astronomysk te wurden. Dêrom is de fundearingsproblematyk net allinne ús grutte soarch, mar heart it as nasjonaal probleem ek ûnderwerp fan soarch fan de regearing te wêzen.

Fryslân en it Frysk

Wy wize jo ek op de **ferplichtings** dy't Nederlân hat foar Fryslân en it Frysk oer. Foar in belangryk part binne dy fêstlein yn it **Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden** en it **Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden**. Yn 1992 en 1995 hat de regearing dy ûndertekene en yn 1996 en 2005 hat de Steaten Generaal de ferdragen bekrêftige. Periodyk wurdt troch in monitoring-komitee fan de Ried fan Europa kritysk hifke oft Nederlân oan de **ferplichtings** foldocht. Wy roppe de nije regearing op om de krityk dy't it Komitee fan Eksperts fan de Ried fan Europa yntusken foar de seisde kear en it Advyskomitee foar de tredde kear utere hat, serieuus te nimmen en de oanrekommandaasjes op te folgjen. Dat jildt ek foar it **Limboarchsk en Nedersaksysk**, en foar **streektalen lykas it Bilts**.

De Fryske taal fertsjinnet op syn minst **deselde oandacht, finansjele middels en stimulearring** as de Nederlânske en mei it each op syn efterstânsposysje miskien wol ekstra prioriteit. Njonken it neilbjen fan de ferplichtings op grûn fan it Hânfêst en Ramtferdrach soene wy it tige op priis stelle as de nije regearing syn wurdearring foar de taalrykdom yn ús keninkryk toant troch it Frysk yn de Grûnwet of Statút op te nimmen.

Regioprovincjes better bestjoerd

As lêste punt wolle wy jo wize op it essay dat prof. dr. Caspar van den Berg (Ryksuniversiteit Grins/Campus Fryslân) en dr. Herman Lelieveldt (Universiteit Utert/University College Roosevelt) begjin 2021 skreaun hawwe: 'Zo kan het wél, regioprovincies slimmer bestuurd'.

Inkelde sitaten:

'Zouden we Fryslân en Zeeland daarom niet kunnen bevrijden uit de wirwar van bestuurlijke arrangementen en ze dezelfde leidende rol kunnen geven die de Italiaanse regio's eind jaren zeventig kregen? Het paradigma van taakdecentralisatie maakt dan feitelijke plaats voor het paradigma van taakdifferentiatie. Er zijn veel meer landen waarbij zulke verschillende graden van regionale taaktoedeling naast elkaar bestaan. Denk aan Spanje waar Catalonië en Baskenland veel meer autonomie hebben dan de andere Spaanse regio's en denk aan het Verenigd Koninkrijk waar Schotland en Wales meer autonomie hebben dan de Engelse regio's.'

'Fryslân en Zeeland lenen zich bij uitstek voor een experiment waarbij we alle functionele taken zoveel mogelijk onder de hoede brengen van het provinciale bestuur. Twee sterke provincies met een schat aan sociaal kapitaal en daarmee een stevige basis om zo'n bestuurlijke omslag te maken. De werkelijke emancipatie van de periferie zou er dan uit bestaan dat dit hopelijk succesvolle experiment in een later stadium ook door de rest van Nederland, inclusief het centrum, nagevolgd wordt'.

Doarre jo it oan? Wy wol,
Jou ús de romte.

FNP Steatefraksje
Sijbe Knol, foarsitter